



Royal Netherlands Academy of Arts and Sciences (KNAW) KONINKLIJKE NEDERLANDSE AKADEMIE VAN WETENSCHAPPEN

Jitris: nasalearring en rekking

Visser, W.

published in

Tydskrift foar Fryske Taalkunde
1991

[Link to publication in KNAW Research Portal](#)

citation for published version (APA)

Visser, W. (1991). Jitris: nasalearring en rekking. *Tydskrift foar Fryske Taalkunde*, 6(1), 28-37.

General rights

Copyright and moral rights for the publications made accessible in the public portal are retained by the authors and/or other copyright owners and it is a condition of accessing publications that users recognise and abide by the legal requirements associated with these rights.

- Users may download and print one copy of any publication from the KNAW public portal for the purpose of private study or research.
- You may not further distribute the material or use it for any profit-making activity or commercial gain.
- You may freely distribute the URL identifying the publication in the KNAW public portal.

Take down policy

If you believe that this document breaches copyright please contact us providing details, and we will remove access to the work immediately and investigate your claim.

E-mail address:

pure@knaw.nl

OPMERKINGS EN DISKUSJE

Jitris: nasalearring en rekking¹

WILLEM VISSER

Nasalearring liket my wol ien fan 'e meast bestudearre fonologyske ferskynsels yn it Frysk te wêzen. De lêste bydrage deroer is dy fan De Haan (1988). Dy giet yn op 'e beregeling fan 'e rekking dy't somtiden mei nasalearring anneks liket te wêzen, bgl. yn minst [mēːst]. Hy set him dêrby ôf tsjin Visser (1985), dy't neffens him nasalearring mei rekking as ien proses besjen soe, en stelt út om de twa útinoar te heljen. Yn dit koarte stikje wol ik syn argumintaasje hifkje yn it ramt fan 'e leksikale fonology, it teoretyske ramt dêr't er sels nammers ek fan útgiet.

1. leksikale fonology

It model fan 'e leksikale fonology hâldt in teory yn oer de opbou fan 'e grammatika, benammen oer de relaasje tusken fonology, morfology en it leksikon. Ien fan 'e grûnslaggen is dat alle wurdfoarming (derivaasje likegoed as fleksje) en in moai grut part fan 'e fonology yn it leksikon har beslach krije. Der wurde twa soarten fonologyske regels ûnderskaat: a) leksikale regels; b) postleksikale regels. Leksikale regels kinne ynteraktearje mei morfologyske regels, postleksikale regels dêrfoaroer net.

¹ Ik wol der hjir op wize dat ik dit stik al yn konsept klear hie foardat Tiersma (1989) útkaam, dy't soartgelikense beswieren tsjin De Haan syn oanpak hat as ik.

Gemen de Haan wol ik hjirby betankje foar it kommintaar dat er op 'e earste ferzje fan dit stik jaan woe. It hat my de gelegenheid jûn om myn beswieren kreker te formulearjen. Dat hâldt útsoarte net yn dat er it mei my iens is. Krektoarsom, hy is it grif net mei my iens.

Alle postleksikale regels wurde ûnderbrocht yn 'e fonologyske komponint, dy't oardere is nei de syntaktyske komponint.

Yn dit algemiene model is noch moai wat romte foar ferskillende opfettingen. Guon leksikaal-fonologen nimme oan dat it leksikon yn lagen organisearre is, oaren geane derfan út dat dat it ferkearde middel is om bgl. affiksfolge mei te ferklearjen. Guon nimme oan dat der in komponint fan postsyklyske leksikale regels is, oaren net. Guon nimme oan dat in beskate regel by in beskate komponint heart, wylst oaren oannimme dat de komponinten inkel tapassingsdomeinen foar regels binne: ien en deselde regel kin dan yn alle komponinten wurkje, mar ûnder ûngelikense betingsten en mei ûngelikense útkomsten.

Der binne lykswols ek algemiene prinsipen dy't jilde foar alle ferzjes. Ien dêrfan is dat de regels dy't yn-teraktearje mei de morfology, de syklyske regels, wurkje ûnder it betingst fan strange syklisiteit. Dat hâldt yn dat sokke regels, yn har skaaimerkeferoarjende tapassing, inkel yn 'ôflate omkriten' wurkje meie, d.w.s omkriten dy't ûntstien binne troch de eardere wurking fan in morfologyske of in fonologyske regel. In gefolch is dat sokke regels net morfeemyntern wurkje meie. Tagelyk beheint dizze kondysje de abstraktens fan ûnderlizzende foarmen. In twadde algemien prinsipe is dat syklyske regels struktuurbehâldend wurkje moatte, sjoch §2.

De Haan giet yn syn stik út fan in model mei ûnderskate lagen yn it leksikon en sûnder postsyklysk leksikale komponint (s. 46). Dat, yn syn oanpak binne alle leksikale regels syklysk. Yn dit stik sil ik dat ek oannimme.

2. struktuurbehâldendheid

Giet men út fan (in ferzje fan) it leksikaal-fonologyske model, dan hat dat gefolgen foar jins analyze. Guon stappen stiet it model net ta. Lit my konkreet wurde. Ik kin it alhiel mei De Haan lykfine wannear't dy ûnderlizzend gjin nasale fokalen oannimme wol, sjoch ek Visser (1985:47-49). Dat hâldt yn dat nasaliteit yn it Frysk gjin 'fonematyske status' hat. No is der in kondysje op

regeltapping dy't seit dat in sykliske regel (=leksikale regel yn dizze ferzje) inkel 'struktuerbehâldend' wurkje mei, d.w.s. hy mei allinnich mar segminten feroarje yn segminten dy't der ûnderlizzend ek al binne. Kiparsky (1985) leit der tige de klam op dat dat jildt foar it hiele leksikon, dêr't er de sykliske komponint mei bedoelt. Op s. 87 seit er: "if a certain feature is non-distinctive in a language we shall say that it may not be specified in the lexicon". Nasalearring is dêrom in goed foarbyld fan in net-struktuerbehâldende regel, ferl. bgl. aspiraasje yn it Ingelsk. Fangefolgen mei de nasalearringsregel earst wurkje yn 'e postleksikale fonology. De Haan seit op s. 49:

As wij nasalearring ynpasse wolle yn it model fan de leksikale fonology, (1), dan moatte wij sizze dat it in leksikale en in postleksikale regel is. De regel wurket op alle lagen fan it leksikon, dus binnen ôflate en net-ôflate wurden, en postleksikaal, dus oer wurdgrinzen hinne.

Wat hjir útholden wurdt, wurdt no krekt ferbean troch it model. Yn 'e leksikale komponint kin nasaliteit gjin inkele rol spylje. Men kin fan tinken ek wol ha dat in suver fonetysk-fonologyske regel as nasalearring net tusken morfoleksikale regels yn oardere wurde moat. Boppedat, men soe foar elke laach de nasalearringsregel jaan moatte, wylst dy mei skik op ien nivo kin. Nimt men in komponint fan postsyklisk leksikale regels oan, dan noch is nasalearring in postleksikale regel, sjoch ek Visser (1985:43-47). Dat de nasalearringsregel net syklisk is, doch ek hjiroan bliken dat der gjin útsûnderingen op binne (op in pear frjemde wurden nei), wylst sykliske regels hiel maklik útsûnderingen tasteane.

No soe dit allegearre om in ûnskuldich technysk detail gean kinne dat de kearn net rekket. Mar dat is sa net. Yn 'e paragraaf hjirnei hoopje ik dat sjen te litten.

3. 'rekking'

Besjoch de neifolgjende sitaten fan side 51/52:

Ik soe der dan ek fan útgean wolle [...] , dat de lingte fan dy lûden [yn wurden as dûns, grins, hynst, lâns, meunster, w.v.] in systematysk feit is fan it hjoeddeiske Frysk. It liket derop dat yn it Frysk nasale lûden foar [s] en [z] lang binne. As ús oanpak fan nasalearring en de skieding fan nasalearring en lingte yn dy gefallen korrekt is, dan kin it feit dat yn it Frysk nasale lûden foar [s] en [z] systematysk lang binne, gjin kwestje wêze fan morfeemstruktuer. Nasale fokalen wurde omers fonologysk ôflaat. De generalisaasje oer de lingte fan nasale fokalen moat dus ek makke wurde op in nivo dêr't de ynformaasje oer it nasale karakter fan fokalen beskikber is, dat wol sizze, in ôflaat nivo. [...]

It liket der op dat wij in hiel ein komme kinne, as wij útstelle dat rekking in regel is dy't allinnich wurket op net ôflate wurden, dat wol sizze, in regel sûnder morfologyske kondisjonearring. Yn it model fan de leksikale fonology is it in regel dy't heart yn de fonology fan laach 1.

Yndie is it sa dat yn in morfeemstruktuerregel (MSR) nei de nasalens fan fokalen ferwiisd wurde kin, omdat in MSR jildt foar it ûnderlizzende nivo. Op dat nivo kin al in kondysje jilde dy't seit dat in fokaal lang is foar de sekwinsjes /ns/ en /nz/.

De rekkingsregel dêr't De Haan it oer hat, omskriuwt er sa (s. 57):

Rekking fan in nasale fokaal foar [s], [z] of farianten dêrfan, komt allinnich foar as nasale fokaal en [s], of [z] yn itselde fonologyske wurdlid sitte.

De Haan wol m.o.w. de rekkingsregel op nasale fokalen wurkje litte en op laach 1. Soks slút it model fan 'e leksikale fonology út, likefolle watfoar ferzje. Of de regel wurket postleksikaal en liedt dan fierstente folle rutsen fokalen ôf omdat alle wurden op dat nivo as net-

ôflaat jilde, of de regel wurket yn it leksikon dêr't gjin nasale fokalen wêze meie.

Rekking is net produktyf, it mei inkel wurkje op net-ôflate wurden of op ôflate wurden dy't der syngroan foar net-ôflaat op troch geane, omdat se mei in net-produktive regel makke wurde of in net-komposisjonele semantyk hawwe of omdat se ta in beskaat part fan it leksikon hearre (de romaanske wurden). Om dy ûnproduktiviteit liket in leksikale 'beregeling' it handichste te wêzen.

It is foar my de fraach oft it systematyske (oerflakte)-feit fan 'e lange nasale fokalen foar [s] en [z] yn ien en deselde (fonologyske) syllabe ferantwurde wurde moat mei in regel dy't dy lange fokalen fan 'e koarte wjer-gaders ôfliedt. Yn Visser (1985) bin ik derfan útgongen dat de fokaal yn in wurd as grins ûnderlizzend lang is. Wêrom soe der nammers ek in rekkingsregel wêze moatte? In regel dy't inkel op net-ôflate wurden wurkje mei, moat neffens my net tastien wurde. It effekt dêrfan kin better fuort yn 'e ûnderlizzende foarm opnommen wurde. Underlizzend gjin nasale fokalen oannimme hat doel: it Fryske leksikon wurdt der gâns ienfâldiger fan, boppedat is de nasalearringsregel produktyf en ûnôfhinklik motivearre. Mar yn dit gefal is dat oars: lange fokalen hearre ta de ûnderlizzende fokaalfoarrie fan it Frysk en de rekkingsregel is beheind ta net-ôflate wurden.

Om in oar foarbyld te neamen. Yn it Frysk komt yn eigen net-gearstalde wurden gjin /r/ foar foar dentalen. In wurd as burd kin men no ûnderlizzend represintearje as /börd/ en men kin in regel fan r-deleesje postulearje. Mar men kin ek de ûnderlizzende foarm /böd/ oannimme en in generalisaasje oer /r/ foar dentalen yn net-gearstalde wurden opstelle. Foar de regel fan r-deleesje moat men by it taallearende bern in berop dwaan op negative evidinsje, it heart dy /r/ ommers nea, wylst by de generalisaasje inkel in berop op positive evidinsje dien wurde hoecht. Dy generalisaasje hat dêrom de pree. Yn it gefal dêr't it hjir om giet, leit it neffens my krekt-en-gelyk. Ik soe dan ek pleitsje wolle foar in generalisaasje fan likernôch dizze foarm: yn net-gearstalde wurden is in fokaal lang foar de sekwinsjes /ns/ en /nz/.

Nim oan, wy litte de rekkingsregel wurkje op orale

fokalen yn net-gearstalde wurden, inkel op laach 1. Sa'n oplossing is yn it ramt fan 'e leksikale fonology likegoed ferbean. Yn dat ramt is de eardere morfeemstruktuerregel, dêr't altyd problemen mei west hawwe, as ûnôfhinklik slach regel ôfskaft. De leksikale regels dogge no dat wurk: se fungearje as redundânsjeregels, dy't de ûnmarkearre wearde foar in skaaimerke ynfolje, yn net-ôflatede omkriten en as sykliske regel yn ôflatede omkriten. De rekkingsregel mei lykswoles letter yn 'e ôflieding, nei nivo 1, nea fungearje as in sykliske regel, ien dy't in koarte fokaal omset yn in langens-ien yn beskate omkriten, omdat men dan bgl. (do) */re:nst/ ôfliede soe. Kiparsky (1982:168) seit oer sokke regels:

minimally they must belong to level 1 and apply also to such derived forms as meet their structural description. This does not mean that all rules will actually exhibit duplication. It can very well happen that the environment of a level 1 rule occurs only in underived lexical items or only in forms derived at level 1; what is predicted is that if it occurs in both then the rule will indeed apply to both.

It is spytich dat De Haan syn rekkingsregel net formalisearret, men kin net neigean wat er der krekt mei bedoelt. Yn alle gefallen, dizze regel is net yn te passen yn it model fan 'e leksikale fonology, watfoar ferzje oft jo ek fan útgeane. It is de baas en nim oan dat de oanbelangjende wurden ûnderlizzend in lange fokaal hawwe, bgl. /gre:nz/.

By pearen wurden mei alternânsje tusken lange en koarte (nasalearre) fokaal yn net-gearstalde en gearstalde foarmen, bgl. pro'v[é:]sje - prov[ī]'sjaal, sub'st[ō:]sje - subst[ō]'sjeel, moat men mei it each op 'e morfology en de semantyk útgean fan 'e net-gearstalde foarm. Men moat neffens my oannimme dat dy ûnderlizzend in lange fokaal hat, dy't yn 'e gearstalde foarm ferkoarte wurdt. Sa'n alternânsje is net ûngewoan yn frjemde wurden, bgl. na'tuer - natura'lisme, sym'boal - symbo'lisme. Der liket in ferbân mei klam te wêzen: mei klam binne de fokalen lang, dersûnder koart.

Foar it plak fan 'e haadklam yn wurden as provinsje en substânsje kin de fonologyske syllabestruktuer as de kondisjonearjende faktor beskôge wurde, wannear't wy oannimme meie dat it Fryske klamsysteem ynheakket op syllabegewicht. Omdat klam in relative eigenskip fan (it rym fan) 'e syllabe is, kinne de klamferhâldingen earst nei syllabifikaasje fêststeld wurde. Yn dy sin is syllabifikaasje primêr en aksintuearring sekundêr. Dat wol lykswols net sizze dat de alternânsjes hjirboppe net ferantwurde wurde kinne mei in ferkoartingsregel dy't ynheakket op klam. Sa'n regel liket my skoan te ferdigjen ta foar it frjemde part fan it leksikon. Der is gjin teory oer it Fryske klamsysteem, dat dit is foarearst allegearre ad hoc.

De Haan slacht foar om 'rekking' yn ferbân te bringen mei de fonologyske syllabifikaasje. Ik wiis rekking as syn-groane regel ôf. Mar it idee om yn dit gefal de ûnderlizzende lingte fan 'e fokaal en syllabifikaasje mei-inoar yn ferbân te bringen, liket my oars wol aardich ta. Ik soe, alles mei-inoar, dizze generalisaasje foarslaan wolle: yn net-ôflate wurden stiet in lange fokaal foar de sekwinsjes /ns/ en /nz/ dêr't er yn ien en deselde fonologyske syllabe mei sit (de fokaal /o/ liket hjir systematysk fan útsletten te wêzen, sj. De Haan op s. 54)².

De teory fan Kager & Zonneveld (1986) oer syllabyske taheaksels mei sjwa kin neffens de auteurs sels net samar nei it Ingelsk en it Dútsk oerbrocht wurde; mar mooglik al nei it Frysk. De Haan jout al oan dat der gjin teory oer de Fryske syllabe is, dat it bliuwt allegearre wat ad hoc. Wannear't men lykswols mei Kager & Zonneveld har teory yn dit gefal ta in beskate generalisaasje komme kin, is dat in earste oanwizing dat dy teory ek foar it Frysk jilde kin.

² Troch de lange fokaal is it hiel wol mooglik dat /s/ en /z/ op it ûnderlizzende nivo ekstrasyllabysk binne. Mooglik moat de formulearring fan 'e generalisaasje dêrom wat oanpast wurde, mar ik lit dat hjir fierders gewurde.

4. beslút

De Haan syn analyse moat neffens my op twa punten fersmiten wurde: a) nasalearring kin nea in leksikale regel wêze; b) rekking fan nasale fokalen kin nea in leksikale regel wêze. Rekking sa't De Haan it bedoelt, ntl. as in regel dy't inkel op net-gearstalde wurden wurkje mei, lit it model net ta, ek at er op orale fokalen wurkje soe. Dat yn it model fan 'e leksikale fonology -likefolle yn watfoar ferzje, ik wol dêr nochris mei klam op wize- De Haan syn analyse op dy twa punten net tastien wurdt, pleitet by my foar it model en de restringearjende en ferklearjende krêft derfan.


taheakke: oer de nasalearringsregel

De (foarm fan 'e) lineêre nasalearringsregel yn Visser (1985), dy't De Haan oernimt, hat my nea rjocht nei 't sin west. Yn 'e Strukturele Beskriuwing komt in opsomming foar, wat faak in oanwizing is dat der in generalisaasje mist wurdt. Hjir is dat al net oars. De kondisjonearjende segminten /s,z,f,v,r,l,j,w/ kin men mei [-syll,+kont] beskriuwe. It probleem is dat /ɣ,x,h/ dan mei beskreaun wurde. Foar /ɣ/ en /x/ is dat gjin probleem, mar foar /h/ al, haw ik beredenearre. Wannear't men no oannimlik meitsje koe dat /h/ in oar slach konsonant is as de oaren, dan koe [-syll,+kont] oanhouden wurde.

Yn it Frysk hâldt en draacht /h/ him yn twa gefallen as in fokaal foar fonologyske regels oer: 1) by nasalearring; 2) by r-deleesje, bgl. yn it affiks fer-: ferhâlde [f@rhɔ:r@] *[f@hɔ:r@]. /h/ is de swakste konsonant, sa't /@/ de swakste fokaal is; sjoch Cohen et al. (1972²:40-42,114,127) dêr't /h/ as in net-artikulearre konsonant en /@/ as in net-artikulearre fokaal beneamd wurdt.

Neffens Clements (1985), dy't in hiërgysk model hat foar de ynterne skaaimerkestruktuer fan segminten, hawwe de glottale konsonanten /ʔ,h/ inkel laryngale skaaimerken, mar gjin supralaryngale, d.w.s. der is gjin artikulaasjemomint yn 'e mûle (s. 233). Yn Clements syn model wurde de laryngale en de supralaryngale skaaimerken op ferskillende lagen ('tiers') represintearre dy't ûnôfhin-

klik faninoar binne. De /h/ is mei oare wurden oars neat as wat gerûs út 'e kiel. Gussenhoven (1985:194) hat it foar it Hollânsk yn dat ferbân oer "een met 'breathy voice' (hese, inefficiënte stembandtrilling)³ uitgesproken aarzet tot een klinker." Hy neamt de /h/ artikulatorysk parasitêr fan aard, in konsonantyske ferzje fan 'e neifolgjende fokaal, in fokaal dy't njonken laryngale skaaimerken, [stim], by ús ek altiten supralaryngale hat. Fonologyske regels as nasalearring en r-deleesje spylje op it supralaryngale nivo. Dêrom kin men sizze dat foar dy regels wurden op [h]- begjinne mei in fokaal (h komt inkel foar fokalen foar). Gussenhoven jout oan it Hollânske wurd hoek dizze represintaasje:




De oanset-C krijt de supralaryngale plakskaaaimerken fan 'e fokaal dêrnei en de laryngale skaaimerken [+spread,-voice] fan it laryngale nivo.

Men ferwachtet dat foar assimilaasje fan [stim], in laryngaal skaaimerke, wurden op [h]- al begjinne mei in (stimleaze) konsonant. Dat komt ek út, sa't te sjen is oan 'e neifolgjende pearen:

in krea[z] mantsje	-	in krea[s] hantsje
tsii[z] ite	-	Sii[s] hite
no[ɣ] ier	-	no[x] hier

Sa besjoen is neffens my de /h/ gjin probleem (mear foar it sa sunich mooglik formulearjen fan 'e nasalearringsregel mei help fan [-syll,+kont]. Ik kom dan út by dizze regel:

³ Neffens Cohen et al. (1972²:41/42) wurdt /h/ foarme mei de stimbannen sa te spannen dat de útgeande lucht in "schurend geluid" jout, mar yn 'e gewoane regel trilje de stimbannen net. /h/ is dêrom 'sekundêr gerûs' mei anneks, /@/ net.



kondysje: 1 en 2 binne tautosyllabysk

Dit is in lineêre regel. It liket my aardich ta om nochris nei te gean hoe't nasalearring yn in net-lineêr ramt behannele wurde kin en oft en hoe't yn dat ramt mooglik ferklearre wurde kin wêrom oft nasalearring fonologisearre is mei /n/, mar net mei /m/ en /ŋ/.

Literatuer

- Clements, G.N. (1985), The geometry of phonological features. Phonology Yearbook 2, 225-252.
- Cohen, A., C.L. Ebeling, K. Fokkema, A.G.F. van Holk (1972²), Fonologie van het Nederlands en het Fries. 's-Gravenhage: Martinus Nijhoff.
- Gussenhoven, Carlos (1985), Over de fonologie van Nederlandse clitica. Spektator 15, 180-200.
- Haan, Germen de (1988), Nasalearring en rekking yn it Frysk. Siebren Dyk/Germen de Haan (eds.), Wurdfoarried en Wurdgrammatika. Ljouwert: Fryske Akademy, 45-59.
- Kager, R. & W. Zonneveld (1986), Schwa, syllables, and extrametricality in Dutch. The Linguistic Review 5, 197-221.
- Kiparsky, P. (1982), From Cyclic Phonology to Lexical Phonology. H. v.d. Hulst/N. Smith (eds.), The structure of phonological representations (Part I). Dordrecht: Foris, 131-175.
- Kiparsky, P. (1985), Some consequences of Lexical Phonology. Phonology Yearbook 2, 85-138.
- Tiersma, P. (1989), besprek fan: Siebren Dyk/Germen de Haan (eds.), "Wurdfoarried en Wurdgrammatika". Ljouwert: Fryske Akademy. Language 65, 648-651.
- Visser, Willem (1985), Ta de nasalearring yn it Frysk. Tydskrift foar Fryske Taalkunde 1, 33-49, 69-89.